

## Sketskes fen Felse Greidema.

### V. UNDER DE PARREBEAM.

Och, hy hie altyd hwet famkeseftich west, en det iensum op 'e romte wenjen hie him ek hwet weaklik bliuwe litten. 't Fjild mei syn wide moaijens spriek ta syn djip ynderlyk en it wolkegriis en it himelblau wier aan syn siele bisibbe, mear as de minskien, dy't er nea rjucht bigripe koe. Heit en mem häldden o sa fen him, hjar iennige, mar det wunder-teare yn him bigriep sels syn mem net, hij fielde it dūdlik. Och it minske hie in swiere sile hawn to lüken, lyk hjar hannen ilich wierne, wier ek de tearens fen it frouwēzen yn hjar oerhirde.

Under de bargemottebeam lei er dy Sneintomoarn. Hwet stiet er to pronkjen yn blossemtoai, dy trouwe älde, dy't jier op jier syn swiete fruchten for de biwenners fen it lytse stjelpke oer hie, en ho hearlik wier nou al de swietrook dy't op dauwewjukken oer hûs en hôf sveve.

En dêr wier ek hwet fen swietrook en blossemgeur yn de jongfeint syn tinken. Sjuch op de feinteforiening wier er net efterlik. Hy lei der him tige op út om syn wirk dêr mei fiksens to dwaen en sadwaende hie er de Foarsitter Okke fen Winigea ta frjeon krike. Hja liken oars net folle op eltsoar. Okke, de bitûfte, op it wird brette, by de frouljue yn in tige bledtsje steande, en Skelte de sêftaerdige en mijende jonge, dy't him yn 'e wrâld net sa best rôdde koe. Mar de herten hienen spritsen, en hja hienen eltsoar yn 't herte sjen litten. Foaral hie dat foartgong nommen, mei't Okke forkearing krike hie mei Gelske, de wol hwet bleke, mar dochs kein útsjende dochter fen mounler Stjirmsma. En Skelte biwûndere de ljochtens, dy't der kommen wier op syns frjeone paed, en der wier hwet yn him fen in stille forhoping.

De blossemblidens fen de parrebeam tsjoende him in faem foar 'e eagen, kein as de maitiidsstrielen, trinten fen stap en ljochtsjend fen each, blank as in dou, mar ek dryst yn hjar dwaen en spotsk yn hjar wird; hie syn frjeon wol goed dien mei de dimmene Gelske to kiezen for de folle mear op Okke lykjende Heabeltsje? Dochs, as er ea syn each yn vrijmoedigens ta Heabeltsje

opslaen mochte, hy fielde it, scoe er sen hjar mear forwachtsje kinne as ea Gelske him jaen koe. Mar o syn bleujens en den dat frij útsjende gesicht fen 'e glundere Heabel! As dy mei hjar kammeraetske Gels, sneintojouns noch ris in „slach om“ wier, wisten alle jonge bazen, dat it in swier stik wirde scoe, sa'n ien to bilêzen.

En dérom twivelje ik net ef Heabel tinkt folle mear oan dy, as oan immen oars, hie Okke okkerdeis yet sein. Do wier der in wird fen tank west yn Skelte syn moed, in wird fen tank oan Him, Dy't ek yn syn herte de ljeafdelangstme lein hie, oan Him, Hwa't er fen syn earste tinken ôf tabihearde.

Mar letter, do dy earste sinnige Maerte-sneintojoun, do't de stillens sa fier oer 'e fjilden laei en hja elkoarren op 'e efterwei met hienen, wier syn hope wer gâns bilune. Heabel dych it wird, sels Okke hie der genôch oan om op de rake setten de rjuchte weromsnoerrings to jaen, en Skelte fielde him de lytse, de neatbitsjuttende, mear as ea tofoaren. En wist er net to goed út syn boeken, det manljue biminne mei it each, mar frouljue mei it ear?

Lykwols Okke bleau folhâlden, det der yn det hertsje safolle omgyng, det der ek sa'n teare fieling yn wenne, det hjar tinken ek faker by de bleuje jonge wierne. Ho koe Okke der bykomme? Scoe se Gels hwet skine litten ha?

't Wier in stille neisimmer-sneintojoun. Oer it lytse stjelpke oan de bûtenwei laei hwet fen de wijng út fiere sierten, fen de bliidens fen 't lang forline.

De beide frjeonen hiene de thé op, en seagen ris efkes oan 'e hússide. „Nou mar dy stiet der goed foar“, sei Okke, wylst er op 'e rykforsjoene bargemottebeam wies.

„Dêr scoest wol in pear fen ha wolle“, pleage Skelte, „mar pas op, stek de bûsen net sol, oars mocht Gelske hjar joun ek yetris forite“.

„'t Wier better detstu Heabel in pear taprakkesarrest, net to witten hok fortuten dit docht“, dych Okke werom. „Wist' wol hwet ik graech lije mei, dû wîrdst hwet mânser yn dyn dwaen. Ik mei graech lije lije, dy't fyn siele, mar rin dêr mar net al tofolle yn 'e wrâld mei to keap. De wrâld is hird, myn jonge.“

„Wis al, mar ik kin my fen in hopen Christenen dat sa min bigripe.“

„Och, det komt, omstu allinnich it bûtenste sjen kinste. Hastû de triennen fen de herten wolris sjoen? En bûtendat, it is forkeard ha to wollen, det alle minsken lyk as yensels wêze scille. Der binne gjin twa gelikense, en hwet seit de Bibel: hwa scoe witte hwet yn 'e minske omgiet as allinne de geast fen de minske dy't yn him is? Dêr hast Heabel bygelyks: Gels hat my faker as ienris fornijd, ho't dy yn hjar stille stounen pleitet op it Godlik forboun, det ek hjar yn him opnommen hat. Scoest' sa net sizze, nou?”

Tankber seach Skelte nei syn frjeon. „Bliid soks to fornimmen. As it ea safier yetris kaem, ik scoe nea gedoente ha kinne mei immen dy't der mar hwet licht oerhinne giet.”

„Ne, dat wist ik; mar om op dy parren torêch to kommen, dy blinke yen dochs moai yn 'e eagen.”

„Nou skodzje ris, mûlk fâlle der wol in pear del.”

„Hwet dogge jim dêr, dogeneaten dy't jim' binne!” rop fen 'e wei ôf in heech frouljueslûd. „Wol' jim' wolris gau meitsje det jim' der weikomme?” Skelte seach hielendaal forheard op, hwêr wiernen de fammen sa gau weikommen? Dêr stie Heabel yn hjar donkerblau klaed, 't wyt siden bloeske forwege op 'e mijitte fen hjar warden, en ûnder it ljocht strieën hoedtsje flikkeren de gutige eachstjerkes en glânsgen de lichtread opkleure wankjes. Gelske, mear skruten stie heal-en-to-healle efter hjar frjeondinne biskûl.

„Jim' meije jim tominsten skamje, det jim' twa earme jongfeinten sa oer 't mot komme”, joech Okke fen him ôf. „Pas mar op en fordwael net yn 'e frjemdte.” En wilens skodde er oan 'e beam, det de bargemotten by twaen en trijen tagelyk yn 't gêrs delfoelen.

„Nou wy krije ek wol in pear parkes net?” sei Heabel, „Wy hawwe der just sa'n reis om makke.” En wilens loek se Gelske mei nei de homeije ta.

„Hwet moat det?” lûstere Gels mei in tige kaem, „wy hawwe ommers yet mar sa koart forkearing, it kin wol wer út.”

„Stil ju, kinst it better bigearre?”

„As jim' in parke ha wolle, scill' jim' wol oer 'e helte komme moatte. Wy hoege se fêst net to bringen”, doarst Skelte to sizzen.

As de stillens him deljowt oer 'e fiere fjilden en gjin minske-eagen de heimenissen fen hwet jong-opbloeijends skânsearje, ûntjowt him just det keine libben op it suverst en moaist.

Laei der gjin wûndere wille yn dy fjouwer pear jongeminskene eagen, do't hja de swiete fruchten fen 'e rike beam biwûnderen, dy't Skelte mei in foarse skoer nei ûnderen tommeljen dych? Wier 't om 'e moaïje motsjes allinne?

Skelte krike in pear fen 'e glânzichsten út it gêrs, mar Heabel wist mei in skeane slach se him út 'e hannen to krijen. Koe er det sa gewirde litte? Wylst it linige fanke se opkrige slacht hy de hannen der wer nei út, mar hja dêr op fortocht ûntspringt it yet krekt yn 't hoekje fen stek en mûrre. Net in min plakje, tinkt er, en slacht de earmen om hjar hinne, om de heech ústitsene hân mei de twa bigearliken nei ûnderen to twingen.

Mar hwer bliuwt syn oermacht? In swiete tsjoening fen fammene kleans-myldens giet oer him, en yn syn earmen hâldt er sa'n libben linich wrakseljend frouljueslichem en deun is er oan det frisse holtsje. 't Brûzet yn him op en heech tilt er hjar fen 'e groun, wylst syn eagen yn hjarres sjugge, ien tel, mar djip, o sieledjip, hwent ek hja jowt hjar oer yn 't goudenst lok.

Mar in lûde frouljueslaits gjalpt dêr oer hinne, de ústitsene rjuchterhân hat de parkes Gels yn 'e skerte smiten. „Scil ik se net ha, den dû ek net”, pleaget se, „hja binne to lekker det in manmins' se goed weardearje scoe.”

„Frouljue binne yen altiten to snoad”, heart er Okke flak foar him oer sizzen, en opslach is syn omtinken dêr wer. Der is readens fen moedigens en forlegenens tagelyk op syn troanje.

Op it bankje oan 'e hússide wirdt de büt earlik parte.

Oer de wiide fjilden dreau de wite dauwe yn sêfste galen, de stûken op 'e boulannen liken as skippen yn dy blanke weagen to lizzen en heech oan it ynblauwe forwulft priele de silveren jounstjer.

Blidens fen stille majesteit yn swiete langstme nei 't oansweevjende nachtwûnder glimke oer 'e lustrjende mieden. En hearlikens om biidzjende takomst, as nacht, ûntrochsjenber, mar oer-twinkle mei de stjerreglânze fen noegjende minne sparkele yn 'e herten fen de beide jonge pearen, dy't dy joun yn 'e stille skimer de wei nei it doarp út kuijeren.

Dat wier de wijde joun fen de hillige Ijeafde.

## VI. TEATSKE.

Dizze worden binne wijd aan 'e neitins fen Teatske, it blierhertige fanke, det wy sa jong nei it tsjerkhof ta bringe moosten. De measten fen ús, maitiids-flinterkes dy't wy wiernen, koene der neat fen bigripe, det it sa gean koe. En det ik dēr wol aen fen hie, wier my lange jierren in bliedende woune, dēr't ik yet de groede fen oerhalden haw. En nou is sy den ek al wer by de measten fen uzen lang forgotten, mar as ik lāns it lytse tsjerkhof dwael, stiet hjar byltnis yn folle klearens wer foar my.

Wy wiernen sa'n gesellich ploechje, do't wy nei de Sangforiening teagen en nou binne wy út-elkoar stoud as in keppel einepykjes dēr't in grouonge in stien yn smiten hat. En elkmes fen ús hat syn swierrichheden. En ik scoe hast sizze, de bēste fen ús leit op 't stille hōf, nou al lange, lange jierren, en mar inkelden, dy't yetris om hjar tinke. Mar scoe ik dy blierhertige forjitte kinne?

Yn 't sjongen hie 'k myn plak skean efter hjar, hja hoechde mar effen oer 't skouder to kypjen om my gewaer to warden, en ik wist it sa wol oan to lizzen det se dat faker as ienris op in joun diich.

En as wy útkamen trof it gauris det it fanke deun by my wier. Ik seach it oan it ynlík glānzjen fen hjar ljochtblauwe eagen en ik mirk it oan hjar laits for my, det ik hjar net ûnforsklich wier. En ik hold fen hjar, djip en tear, ik scoe hast sizze lyk as in dichter ljeavje moat. Mar dichters brûke hjar forstān *net* en ik *al*. En dērom, dat iene wearhold my. Sa scil it my jimmer ta missedie wēze, det ik mei in ljeavjend herte boartsje doarst, det ik hjar hope joech mei myn each en died, hwent hja wist wol, nei oare fammen taelde ik ek *net*.

It trof sa det sy by hjar kammeraetskes Afke en Sjouk op 'e thē wier, — it wier in Sneintojoun yn 'e lette hjerst — det ik by dyen hjar broer in foech boadskip for ús feinteforiening meitsje moast. Hy wier oan 't foerjen en ik siet op 'e būthúsbank djip-sinnich oer ús saken to riddenearjen. Dēr waerd de mildoar op-dien en de trije fammen kamen gysgobjenderwize it būthús yn. „Joun jimme, goed soun, nou dat treft”, lake ik, en ik seach det Teats in kleur krige. Fen blidens wol 'k leauwe. Wy miraeklen in foech kertier mei eltsoar en de sisters stieken wer yn 'e hūs.

Mar hiel gemoedereard bleau Teatske by my op 'e bank sitten. O dy tsjoen fen hjar laits en de longer fen hjar mûlke der deun oan my! Scoe 'k myn earm om hjar hinne slaen, hjar nei my taelje, lyk myn herte it my opdroech?

Dēr foel myn each wer op hjar lijerich útsjuch. It gyng my wer troch de holle, ho't hjar beide sisters útsukkele wiernen. Hwet lijnen scoe 'k my mûlk op 'e hals helje?

„Woest my efkes ljochtsje, det ik de hynsders noch in topke yn 'e krêbbe jow”, rôp Gerke ûnder út it bûthús wei, en ringen spong ik oerein en liet hjar dēr sitte.

Do't wy wer yn 't bûthús kamen, wier 't fanke wei.

Ik bleau dy jouns to kofjedrinken en sy en ik moosten togearre wer nei 't doarp. It hie foar in skoftsje reind, de moanne kipe suterich twisken de heisterjende wolkems troch, dy't de rûzige joun troch 't loftrom jage en yn 't westen skouden wite wetterige koppen út 'e hichte. Yn 'e reiden forwege in kleijend liet en oer 'e fjilden glimre in dizich wiet.

Us praet woe net flotsje, dēr wier hwet kâlds yn myn wize fen dwaen en sy joech my mar amper biskie. Der woehs yn dy inkelde minuten twisken ús in skiedende toarnehage, dy't hope en langstme wreiddiedich tostiek. Do't wy offusken miende ik in trien yn hjar eagen to sjen.

Foarby, for altyd foarby dy dagen fen blomkjende minne.

De oare simmers gyng it yet wol, mar do't it wer hjerst waerd, bigoun 't der mei Teatske net goed to warden. It gyng op in sukkeljen en de moaije reade kleur fen hjar roune wangen waerd linkende wei. It ynkommandearre hjar. Sjonge mocht se net mear. Hja hie oars sa'n suvere altstim en 't sjongen wier hjar lust en hjar libben. As hja for in kear noch alris yn 't sjongen kaem, wier 't as harkster. Nei my seach se net mear om, en ik, och ik wier for 't each deselde bleaun, ik song en lake; hwet laei de wrâld deroan gelegen, det it herte syn eigen bittere drôfnis hie?

Alle middels ta hjar bihâld oanlein joegen neat. Sy gyng nei Ljouwert, it hijtte det se der oan opperearre wurde scoe, mar de dokters dêrre lieten hjar sùnder der eat oan dien to hawwen wer gean.

Ik sjuch se noch foar my, lyk as ik hjar for 't lëst yn 'e tijerke seach, sa wyt as in doek en de hals alhielandal yn 't wynsel.

Ik mirk det de treastfolle wirden hjar goed dyngen, en yn hjar each laei wer de ljeafde, mar heger, mar himelsker tocht my.

In heal jier letter is 't bard. Op in simmerske maitiidsdei hawwe wy hjar to hôf brocht, de fügels floiten en de blommen bloeiden; en in forwylge roas waerd yn 'e swarte modder delliiten.

En yet is der in trien yn myn each, om't der rouwe yn myn herte is dêr't ik gjin rjucht haw om dy ierforstoarne to tinken en dôchs bin ik it dy't it meast fen ús allegear hjar yn myn ûnthâld haw.

## VII. LETTE BLOEI.

Do't er troude, bigoun er der in lyts bytsje aen fen to krijen, det der in keamer yn syn herte wier, fol fen himelske roazen en flonkerjende jewielen, dêr't syn wiif nea rjucht de rykdom fen oersjen koe, en dat scoe ek him earmer meitsje. Allinne to wêzen mei yens skatten sûnder meidiele to kinnen oan dy't yen it neiste is, is ommers as in huverjende iensemheit.

Mar syn frjeonen achten him tige lokkich. Ienlingsoan as er wier, koed er syn heite spiltsje alhielendal oerkrije. Dy tsjien pounsmiet bêst eigen lân wier in moai bigjin. En den det kreaze byderhante wyfke. Ut in laech fen wrotters en wramers, dy't foarút gien wiernen yn 'e wrâld.

Do't Sweitse sa'n great jonge wier, ja letter as jongfeint ek, wist nimmen rjucht, hwet men fen him tinke moast, sa'n nuvere dreamer wier 't. Just net loai, mar sa sûnder omtinken. Mar de wrâld wist net hwet der yn 'e jonge omgyng. Uren oanien koed er him formeitsje mei de ljochte hertsjes fen de filettige swealtsjebommen to biwunderjen, ef to digeren nei it sêfte kleuregoud fen 'e maitiids-skieppewolkems, ef to harkjen nei de hege trilders út 'e ljurkekieltsjes, nei 't sêfte rûzjen yn 'e beammen aan 'e hûs-side en troch 't reid yn 'e marswâl. En den naem er de pinne om op to teikenjen de yndruk fen syn gefoelich herte, as it flotsje woe syn tinzen yn fersen gear to stallen.

Och it wier mar lytswirk, mar der trille in hillige fieling yn dy ienfâldige ferskes. Ho tilde him it herte, do't er for de earste kear in inkeld fers fen sines printe foar him seach. Hy koe der dy nachts net fen sliepe.

Lykwols sokke drôgerijen passe net for in gernier, dy't de foet by de kûle hâlde moat. 't Libben is proaza.

Hied er yn syn jonge dagen it flinterlibben trochboarte, mei't er fiif-en-tweintich jier waerd bigoun er himselme ôf to freegjen hwet der einlings fen him groeije moast. En hy keas it hirde libben mei syn bodzjen en striid, opwirkje scoe hy syn heite spiltsje ta in boerkerije, de tiden liken ginstich, en strak — hjar kamen de dreamen wer út 'e hoeke — scoe hy in wyfke siikje, dat him ljeavje en him bigripe scoe, en dêr't hy oan sizze koe, hwet der song yn syn ynderlyk. Ommers, frouljue binne sêft en trochgrounje poëzije, net wier? Lit him den gjin kinstner wirde, hy scoe dochs yn syn dichtersiele bigrepen wirde.

Do't er Ruerdtsje kennen leard hie, wier nije blidens oer him kommen. Wier hja net kein as in swealtsjebлом mei dy blauwe eagen en trinten as 't riizjende roeikjende reid? Ho ryk wied er do't er út hjar mûle it jawird fornemme mocht. It wier dy rêtige winterjoun, do't oer de wytbirûgle fjilden de sêftens fen it moanne-ljocht dreau en de stille stjirkes yn it hege blauwe fen ljeafde sparkelen. Hy hie spritsen yn heger wirden as oare boerejonges it tsjin hjar fammen dogge. Ruerdtsje hie hwet nij opheard, mar yn blidens hie hja hjar oerjown oan dy knappe jonge, dêr't se by opsjen moaste om't hy sa folle mear wist as syn gelikens, en dêr't hjar heit-en-dy fen sein hiene, det it sa'n bitûfte gernier wirden wier. Hja hie yn sterk opwaeksjende ljeafde nei him harke, mar bigrepen hie hja him net. Dat die letter faekris blikken as hja him hommels yn 'e reden foel en oer deistige dingen petearre dy't for him net folle om 'e hakken hiene. Dat wier him as in slach yn 't gesicht, mar wier 't net in sêfte hân, dy't dy slach diich, en in ljeaf mûltsje dêr't wilens in goudene laits om woechs? Sa tocht er sims det er mei syn heechdraverijen sels wol mis wêze scoe. Och, de minsken om him hinne wierne ek sa net. En yn teare fieling for syn sieleskatten liet er dy mear biskûl.

En do't hja op de dei fen hjar trouwen wakker op snjît wier mei al 't moaije om hjar hinne, mar gjin ear like to hawwen for syn wirden oer de heimige takomst dy't hja nou tomiette gyngen, do kniesde yn syn herte de roas fen de blide forwachting en yn hjar plak skeat de lylje fen 'e wémoed op. Tear fen herte as er wier, koed er 't net hawwe det syn ljeafste ynlike tinzen yn 't

sunder erch „hwet wolst' der mei sizze?" toskeind waerden fen dy't him it ljeafste wier op ierde, en syn poësije waerd it krûdtsjeroer-my-net fen syn siele.

't Roun Sweitse Harings tige mei yn 'e wrâld. Syn boerkerij waerd linkendewei greater, hy koft der altomets in stikje lân by, en do't er in foech fyftsjin jier troud west hie moast er in nije stjelp sette litte, en dy alhielendal nei de easken fen 'e tiid. En den syn wiif! Krigel warde se hjar, libbe mei hjar man mei yn alles hwet de boerkerij oanbilange, sunder him it heft út 'e hanne nimme to wollen. Mar boppe alles wier hja yn hjar hûshalding to plak. Skripte Sweitse om de sinten by elkoar to *krijen*, hja wist se mei diger bileid by elkoar to *hâlden*.

Fiks en soun woechsen de bern op, trije jonges en ien famke, allegear suver it evenbyld fen hjar mem, rea fen wang en blau fen each. As se jouns meimankoar om 'e hird sieten, forhelle heit alderhande sizkes út âlde en nije tiden, hyndere mei de bern en wier alhielendal bern trei. En as heit den 't jongebet útspriel, den tilde him it herte fen tank oan de ryk-jaende Heit yn 'e himel, Dy't him goeddiich boppe mjitte, boppe folle oaren, dy't to wrakseljen hiene mei misse gewassen, fésyktme en -stjerte.

Ek yn syn iensumheit koed er dêr sa lyts ûnder wirde. — Tank Heit, Dy't my laetten, tûzenris tank: ik bin ryk, ik bin lokkich. 'k Haw fen myn wiif net, hwet myn feintedreamen my foarspegelen, mar ik haw fen Jo in forstânnige hûsfrou ûntfongen. Hja faget my 't swit fen 'e holle en by hjar jowt de rûzige wyn him del. In hopen fen myn frjeonen dy't mei ús de baen opgyngen binne by de a bleaun, mar it is ljocht yn ús wente. 't Is inkeld en allinne Jins trouwe Heitesoarch. Ik haw do't ik Ruerdsje frege, to min socht om jins segen, dêrom moasten Jy my ûnthâlde dat hja my djip-ynderlik bigripe koe, mar Jy brochten my yn dit alles tichter by Jo!

En de stille birêsting bloeide himelsblank yn syn herte op.

Mar syn earste ljeafde koed er nea follein forjritte. Mei in pear fen de bêste letterkindige tiidskriften hold er him op 'e hichte, en sims koe 't him hommels aanfleane op stille jounen, det der poëtebloed brûzde efter de kile fen 'e koumelker en ierpelwjûder. Den waerd it him to oermansk en linige fersen, fersen fen natûr

en fen Godstsjinst kamen fen syn hân op it blanke pompier. Det wier yn dy dauwige neisimmerjounen, as de rêt him oer de fiere fjilden deljoech as mei inglewjkken. Mar oer syn fersen koed er net prate. In gernier heart him by syn wirk to hâlden lyk in skoenmakker by syn leasten. Mei dy tins fen 'e bûrljue wier syn wiif it yn 'e groun fen hjar herte iens. Och, hja harke goedlik ta, as er hjar ris in moai fers foarlies, mar hjar oandacht wier by wirk en bern. En ûnder skûlnamme kamen syn fersen yn 'e wrâld.

It famke, Pytsje hjitte hja, hofolle hja ek fen hjar mem hie, wier yn alles hwet fynder, ek siet der gânsk oar aerd yn. Learen wier hjar lust en libben, en as heit song, moaije lieten, dy't er al yn syn feintetiden makke hie, twong se al mar om mear, mear. En letter song se sels mei. En de sangen fen dream en libben sonken djip del yn det famkeshertsje, dat ljeavjend hjar oerjoech oan de wijinge fen it liet.

Mar de heit, dy't fen 'e toarnen pript wier, moedige de dream net oan by it fanke. Hy hie op syn reis troch it libben forstân krike, miende er.

Opploeid ta de keinens fen in jongfaem libbe Pytsje yn 'e romte fen 'e wide fjilden hjar bidest mar tagelyk fleurich famkeslibben. Kreas wier hja as in Pinksterblom yn 'e mieden, ûnbisoarge hippele hja oer hjar biblomme wei as de flinter lâns de roazen. En libbe der yn hjar herte de langstme nei ien dy't sterker wier as sy, dy't hjar nimme en drage scoe as swierste en lichtste fracht, lyk de earn yn 'e suderlannen syn jongen. — hja wist ynbânnich dy langstme to bitommeljen om't hja wist: nimmen under de feinten fen hjar kunde koe jaen hwet hjar herte frege. Sa song ek de wémoed for hjar in heimich liet.

Al lang hie hja heite boekkas trochsneupt, en 't wier al wer in moai tocht lyn, det se der efter kommen wier, det de stikken, teikene mei „Feike Fjildenga" fen hjar eigen heit skreaun wierne. En it wierne just dy ienfâldige, ljochte stikjes, dy't sprieken ta it djipst fen hjar siele.

Heit seach yn it bern it byld fen syn vrou, mar heimiger, mar yn al hjar neibyëns fierôfsteander. Wierne der gjin jierren kommen en gien? Hy koe dochs net witte litte, hy dy't in man wier, sterke yn 'e striid op 'e hirde kluten fen 'e drege klaei, dy't

hannelje en kwânselje moast mei bitûfte keapljue, det hy in bern bleaun wier? Syn úntsach oer hjar moast him derfor biwarje det hja syn siele trochgrounje scoe.

Mar op in Sneintojoun, it wier do't de hagebeam bloeide en de protters yn 'e hege abeeljes hjar minnelieten úttsjotteren, hawwe se yn elkoars herte lêzen, djip. It wier do't sy mei hjar kleare stimme heite wémoedfersen sa djip-earnstich foarlies. En do't se dat sêfste stikje fen „It fanke út 'e mieden” by't oargel songen, hienen hja de warden foun. It wier hjarren, as wykte in skaad, dat hjar lange tiden yn healtsjuster hâlden hie, en det nou de blanke sinne yn ien gjalp hjar paed biljochte.

En nou't er de soargen for de boerkerij oan syn soannen oerlitte koe, en hy yn syn dochter it eigen ideael oplibjen seach, mar reinder en keinder, mar lottere yn 'e striid yn it gelove, — nou koed er de rjuchte glânze lizze oer syn poësije, dy't er nou ûnder eigen namme útjoech, en al foarser en dudlike, mar ek blierder forriisden syn sangen.

Ek út hjar herte welle de poësije. Heite technyk brocht hjar op 'e hichte, en hjar fynfielendens slipe fen heite fersen de lytse únsuverheden wei.

En do't syn dochter troude mei de jonge dominy, dy't sa waerm fen wird en suver fen styl preekje koe, wist hy det hja lokkich wêze scoe en tankjend knibbele hy foar Him, Dyt jown hie, det it yn 'e jountiid ljocht wêze mocht.

### VIII. OP BRILLOFT.

„Earst it melken mei dienmeitsje, den kinst' dy jouw noch genôch warre”, hie de boer sein, en sadwaende wier 't al in bytsje let warden, do't Wealtsje op reis rekke.

't Wier waerm for maitiidswaer. De sinne striele him lyk yn 't gesicht, do't er de stoffige ryddyk lânsfytste. Mar dat bytsje moude koe him syn bêst sin net útnimme.

„Hwet bist yn 'e stisel, 't liket wol detstû trouwe scilste ynpleats fen dyn broer”, lake Rjimke fen Bote Skûtmakker.

„Ja, dû scoest ek wol mei wolle, mar 't sit der net oan”, joech Weal torech.

„Nou, Styntsje scil der ek wol wêze, dat makket dyn jouw wol goed”.

„Wis wol, mar as Freark der ek ris is en hy rekket mei in oare faem op 'e sutel, ho komt it den mei dy?”

Do't er fierder ried, moast er dochs yet efkes oer Rjimke warden neitinke. Hie det flardense ding it ek fen Styntsje en him únthâlden? 't Wier oars al twa jier lyn, mar 't skynde by de minsken yet net yn 't forjittersboek to wêzen. Siet it him deryn det him dat fanke ek yet net forgotten wie?

't Wier dy ljochte winterjoun west, do't hja togearre op 'e flakten reedriden hiene en hy by de iperen hage ôfskie fen hjar nommen hie mei efkes, hiel efkes mar, oan hjar waerme lippen to kommen, det yn syn herte de ljeafde opwoechsen wier, heech en rein.

Mar, hy hie 't wol fornommen, 't fanke hjar heit wier der net sa tige foar; det jonge gûd moast nedich earst hwet mear fen 't libben witte.

En sont Styntsje op 't bilidenis-fraechlearen gien hie, hie der ek hwet mear earnstigens en efterhâldenens op det blanke foarholtsje ôfsteikene. Nou Peaske hie se bilydnis dien, en de stille winsk om ek ta dy stap oer to gean wier al sterker by him warden. En hy hie dy joune tige ynlik bidden.

't Wier sa goed as tiid do't er yn 'e haedpleats oankaem. De bûrren wier swart fen folk, en it rea-wyt-en-blau hong, wol hwet slûk, ta'n manlich souderfinsters út. By de harberge stienen forskate reauwen, en in tsjinstich man stie klear Weal de fytς of to krijen.

't Wier de hiele dei al gien en nou, trije ure, scoene noch siif pearen by de treppen op. Mar amper hied er tiid in pear warden mei broer Jakkele to wijseljen, de brêgeman hastige ta 't gemeintehûs yn.

Loftich op 'e tried kuijeren in stikmannich jonge fammen efter it pear oan. Dêr wierne Styntsje mei hjar kammeraetskes ek al. As frjeondinnen fen 'e breid scoene dy bitsjinde, hie er heard.

Yn hjar ljochte kleedaasje like hja him yet kreazer as oars. Hwet wier hja in rank opsketten bern en ho linich draeide dat kopke op it blanke halske. Gau efkes fûstkje en de spylfammen wisten to biwirkjen det Styntsje deun by Weal lâns kaem to rinnen. Koe 't oars ef hy moast hjar in earm jaen? 't Frouljuesearmke trille al efkes mar do't hy yn hjar eagen seach, mirk er wer dy ljochte myldens fen foar twa jier. Nou wist er 't: hja wier for him deselde bleaun en lokkich folgen hja de femylje by de treppen op.

Yn 'e folle seale klonken de amptlike warden fen de boargemaster, en oer de hollen gyng de huver fen de wündere takomst do't de pearen it „ja” biloofden. Mar sy scoene lokkich wêze, yn ljocht en leed, broer Jakkele mei syn Gatske, Weal wist it, hwent hja wierne ien yn gelove, en hie Jakkele net yn 't gebet de rie en de segen fen de Alderheechste oer dit trouforboun frege?

't Omritsje wier tige. 't Wier waerm yn 'e koetsen, mar yn in fleurich selskip wit men yen to genearen en kin men hwet útstein. It brûntsje mei de roaskes op it túch drafke sa trinten de wei del, as wist er det hy de jonge lokkigen to plak bringe mochte. Yn 'e efterste fen 'e trije weintsjes hellen de jonge fammen al ridlikjes gau in sjongsum stikje op, det it fier oer 'e iepene maitiidsfjilden klonk. De minsken op 't lân seagen op fen 't wirk en wiuwden de jongeljue in wolkom yn 't houlik ta.

En do't it jonge pear foar 'e preekstoel stie, waerd oer hjarrenlein de segen fen Him, dy't Adam syn Eva ta brochte. De ynlakens fen 'e hillichheit fen it gouden houlik dreau silligend troch de hege tsjerkeromten. En it pear yn 'e eptich-swarte klean mei de wite houliksblom wier lokkich yn 't búgjen foar God.

Yn it lytse hûske op 'e ein fen 'e pûndyk, dêr't mar in inkeld hûs omhinne stiet, dêr't men yen vrij ris útspeakje kin, waerd de brilloft hâlden. Hjir scoene de jongeljue hjar deljaen, hjir scoe hjar de earste joun bliid makke wirde. De protters yn 'e griene klimmerbeam seagen forheard op do't hja dy rige brilloftsgasten kommen seagen, mar de klimmer sels glimke fen jeuchlike nocht.

Jakkele en Gatske sieten ûnder de mei roazen en linten forsiere spiegel, dêr't mei sierlike krollen it *Hulde aan 't Bruidspaar* op teikene stie. En om 'e lange tafels sieten de fleurige gasten. 't Wier ringen in rûzige drokte. Brike setten hâldden de wille der yn, de fammen wisten, as de bal fen 'e manljue útkeatst waerd, him bihindich werom to slaen. En op de roune wangen lake de bloeiende wille.

Yn foardrachten yn proaza en poëzije waerd de loksteat fen it houlikslibben útmetten, en yn de kinstleaze lieten laei de bisieling fen 'e jonkheitsgloed. Meielsoar songen de jonge fammen in trouwankje, dat ien fen hjarren op in bikend wyske byinoar dichte hie. Dêr stie yn 't hoekje by de keamersdoar Styntsje mei in sêfte gloede op 'e weeldrige wangen, inkelde krôltsjes hongen los foar

de lytse earkes lâns en op it foarholtsje lei de tins oan it goudene lok fen ljeavjen. Der boarte in glimke oer hjar wêzen, do't dy ljocht-blauwe eachjes Wealtsje sines metten.

't Wier al gansk nei toalven do't Gatske heit mei it lêzen fen in haedstik út 'e Bibel en tanksizing de gearkomste bi-einige.

Skean boppe it hege beamte fen 'e Kaeipleats glimke de sêfte moanne, en hjir en dêr yn 't donkere forwulft flikkere in frjeonlik stjirke hjar myldens út. Der laei hwet fen 'e paradysreinens oer de jonge ierde en do't yn 'e swijsume nacht de sibben en frjeonen hjar ôfjoegen, wier der ek stillens by hjarren.

Koe 't oars, dêr't se beide ien paed útmoosten, det Weal en Styntsje nêst elkoar kamen to gean en det de kammeraetskes hjar mar stil foarútstrieken?

Fol binijing oer it greate lok dat hy kommen wist yn it fanke fen syn tins en dream, wist er gjin warden to finen, sa fortrouwlik stapte it ljeaflike wêzen yn 'e skiere mantel deun oan syn side. De hillige ljeafde blierke yn syn rêtige eagen, oer hjar troanje glimke de laits fen it yen-jaen oan 'e ljeafste, en de jonge bledtsjes fen 'e wyljenbeam yn 'e weiswâl lústeren stilkes oer de hjar úntjaende ljeafde.

Stil stie it âlde doarp yn 'e moannenacht. De lytsere wentsjes joegen hjar, as biskerming siikjend, twisken de greateren del en oer hjarren allegear, heech der boppe ústykjend, wekke de spitse toer fen de âlde, him great opjaende tsjerke. Tûzenkar wier Weal dit paed lângsien, mar yette nea hie oer al dy hiemens de stillens fen ljeafde en trouwe him ta blidens west. Hwent yn twa herten lûstere it liet fen it laitsjende ljocht.

Stilkes loek er in sêfte faem tsjin him oan en naem itselde as foar twa jier, mar mear ynlakens fen rêtige earnst laei oer hjar wêzen.

En yn it hege blauwe twinkleit stjirreljocht fen djippe trouwe.

## IX. YN 'T JOUNSKOFT.

Salang er soun wier en sterk, — Jinse wier út in sterk laech — gyng it wol. Al wier er de sauntich al passearre, hy koe for syn soan, dêr't er by ynwenne, yet in bulle hântaesten weinimme.

Willem koe it fjild mar yngean om de gernierkerij to birédden, alde Jinse knapte thús it spil wol hwet op. Altyd pandere er om, yn 'e hú s by 't keppel bern hied er dochs gjin rëst; syn skoan-dochter wier wol net sa'n ünaerdich minske, mar dy drokte fen 'e bern makke hjar koartkearich. Dérby de áldman wier net sa gesellich. Meast wier 't praet oer de alde tiid en Jitske hie al siif-en-tweintich kear itselde heard.

Hy hie yn syn lang libben wol folle sjoen, mar net folle yn him opnommen. Sels yn 't wirk hied er altyd in dommekréft west. En nou't mei de alde dei de kréften him bijoegen, foel 't wirk safollesto swieder, hwent hy miste it rjuchte oerliz.

Hwet wier Willem al in stik oars. Hy like folle op syn ier-forstoarne mem. Altyd liep en derop út om op it maklikst it measte dien to krijen, hied er him fen arbeider ta gernier opwirke. 't Like det it drokke libben him hielendal meinaem, en hy net folle om heger dingen tocht.

Einliks wier Jinse bang for syn soan. Net det Willem dér brükme fen makke, mar dér't hy fen geast en wollen fier de sterkeren fen syn heit wier, field de áldman, det er him under syn soan del to jaen hie, al wier 't him yn 'e wei, det de áldere for de jongere búgje moast. Mar hy wist ek, det er súnder syn soan yn 'e wrâld forlern wier. En sa dych er syn bést op syn iensume wei him yn syn lot del to jaen.

Sims koe 't him sa bikrûpe, as er tocht oan 'e tiid, det er neat mear útsette koe. As er hjir mar goed weireizge, woed er wol det syn ein op 't lëst mar hastich komme mocht. Willem en 't wiif hienen it dochs net oan tiid om folle mei sa'n áld wrak skepsel om to toaterjen. Hy hie altyd goed tsjerksk west, mar it rjuchte ljocht hied er noait for himsels hawn. Scoe de hege God yn 'e himel wol nei de alde stimper omsjen wolle? Hy koe dochs neat for God dwaen, net oer Him prate, lyk as dy alde frommen dy't al sa lang op de wei west hienen, net ienris in fetsoenlik gebet opzisse. Men moast op Gods genade fortrouwe en op Jezus hoopje, mar ho, dat bleau him tsjuster.

Samar ynienen wier de slach kommen. In birocerte hie de áldman heal forlamme. Alhiel britsen laei er dér op béd. En syn prakkesaesje mealde der al mar om hinne ho't it nou komme moast

mei 't wirk, det hy oan't dizze tiid ta for Willem to dwaen hie. 't Koe him sa oanfleane det er op in stuit hommels oerein woe om nei 't búthús. Mar mei in swiere sike foel er wer yn 'e këssens del.

En Willem? Dér seach er syn heit lizzen, de áld man dy't er altyd puchelje liet om't er ommers dôchs ljeafst hwet to dwaen hie, en bútendien oars dochs mar in lëstige om'e-teannen-rinder wier. En hy hearde de áld-man, as er heal yn 'e dwyl der oer riddenearre, ho drok Willem it nou ha moast, en hwet er wol fen him tinke scoe, det hy de hinnen nou net mear útstiek.

Det wier for 't soannehert tofolle. Altyd hied er tocht det heit it wirk mar hwet út gewoante en súnder omtinken neikaem, it blykte nou det er yn it heiteherte ek heiteljeafde wenne. Och, hied er mar wollen, den hied er dat altyd wol merke kinnen. Scoe syn heit oars for him wêze as hy for syn eigen bern? Hied er heit mei syn stûfe eagen net fiersto folle jage? Hied er wol ea hwet mei heit oerlein, en siet it him dér net for in part yn det er sa ienselvich wirden wie?

As heit fen 't béd ófmoast, koed er gjin stap mear dwaen, Willem moast him slependerwize nei de stoel ta bringe. Heit seach mei eangstige eagen nei syn soan, mar wunder, ho tear Willem de áld-man nou bihanle. En Willem, de oars altyd sa hastige, dych it him nou sa skoan oan tiid om heit it lijken sa draechlik muchlik to meitsjen.

„Nou kin ik net mear for dy foerje", sei er sa.

„Och, mar den skrip ik yn 't búthús efkes hirder, en oars bliuwt der op 't lân mar in ditsje en in datsje oer", joech de soan bliermoeidich ta biskie. 't Dych him sear, hy hie heit al fiersto lang bodzje littin, 't hie sà net hoechd, hy hie 't wol skikke kinnen det heit altyd net sa fen 't wirk dreaun waerd; muchlik det syn skrippen der ek gjin goed ta dien hie mei de krupsje dy't er nou skipe hie.

Jinse koe 't mar min foar 't forst  n krije. Hy koe him syn soan hast net oars tinke as deselde fen altyd. Hwet wier 't al lang lyn det Willem yet sa'n lytse boi wier, en heit Sneintojounen mei him om mâlfarre. 't Like det der nou hwet fen de tearens oer Willem komd wier, dér't hy yn 't foarige syn soan mei bihanle hie.

Oer 'e troanje fen heit rôle in trien fen tankberheit, yn it each fen 'e soan blonk in trien fen birou.

Yet twa jier hat de âld-man hjir sa omheukere, en Willem, for hwaen er syn herte as in bern iependych, mocht it noch fen heit fornemme, ho't nou alles goed wier, en det er nou ek klear for de reis wier.

## TIID.

Lyk skiere sé mei weach oer weagen giet  
Dy't komme aloan en brekke yn bleke dei,  
Dy't núndrje altroch fen wé in kleijend liet,  
As wier in kâlde sjamme heimich nei.

Sa geane ús jierren mei hjar gobbrjend swiet.  
En skolprjend súr, en wirde wyndrjend wei;  
De weagen tomlje yn lêst fen drok fortriet  
En skoerre wearze en slyk en modder wei.

Mar hilge hope is yn 'e takomst lêzen.  
Fen 't kommen aan 't blierljochte himelstrân;

Dêr scil gjin sé fen tiidforweagjen wêze  
It ivich lok bliuwt ivich-myld yn stân;

Dêr steane we aan de kleare sé, de glêzen'  
En mei de gouden harpen yn 'e hân.

A. M. WYBENGA

## FRISO.

De Frisonamme, dy't hjir boppe de doar stiet, hoecht nimmen kjel to meitsjen. Ik scil my wachtsje it spoar to folgjen fen apokryfe skiedskriuwers lyk as Okke fen Skarl en Sjoerd Petrus, dy't oer Friso fabele en orakele ha. Syn portret yn Winsemius' „Chronique“ (1622) makket allikemin yndruk op my. Hy stiet dêr libbensgreat öfbyerde as sa'n Herkules mei in reade flagge yn 'e iene hân, mei in kroan yn 'e oare en mei it nuvere underskrift: Friso gentis conditor, as scoe men in folk stiftsje kinne.

De saga forhellet, det er op wyld aventuer út it lân fen 'e Ganges kaem mei syn broerren Saxo en Bruno, det syn float yn 313 foar Christus oan 'e Fryske igge it anker útsmiet en det er de stêd fen Starum boude.

Dit is allegearre fantasije yn 'e trant fen it Oera Lindaboek. It bringt gjin ljochtsprinkel yn 'e leadswiere tsjusternis, dy't hinget oer 'e oarsprongen fen it Fryske folk.

Dochs lit ik de Frisonamme yn wêzen as symboal fen it Ur-friezedom, fen dat âld stik Germaenske natuer, do't de minske noch ien wier mei sé en wyn, mei beam en sinne.

En nou wol ik it paed wize om dat kenne to learen. Dêrta bigjinne wy net mei de boeken, mar mei de fyts en traepje nei de earste de bêste terp, dy't öfgroeven wirdt. It scil yen wêze as in iepenbiering. It scil yen gean as mysels, do't ik útstapkes makke nei de wierden fen it âlde Fivelgea. Ik folge it öfgraven fen 'e wierde to Marsum (Gr.), Eenum, Wirdum (Gr.), Baflo e.o. Dêr seach ik hwet de lodde bleat lei, hûnderten dingen út de primitive maetskippij fen ús foarfaers: de peallen fen hjar earmlike wenten en stallen, de drinkdobben fen hjar fé, de hierkamen en mantel-spjelden, de nullen en spinkloskes fen hjar frouljue, de kralen en bikkels fen hjar bern, de potten en pannen, it fiskark, it ridskip dat hja brûkten, tofolle om it allegearre op to somjen. Hwet hat it my tichteby dat fiere forline brocht. Men sjucht kâns mei hwet studje en foarstellingskrêft sa'n lytse terpdelsetting wer op to bouwen. En men kriget der sa'n nocht oan, det men net rêt foar en alear men in samlingkje terpâldheden gearfandele hat. Dat trunet oaren ek wer oan. Ienris winterdeis iepenje ik myn kast

Poëzije sen A. Wybenga.

GESANG 248.

„k Scil de myldste streamen jiette”  
 Sprekt de Heare „op 't toarre lân  
 Koele boarnen wytgje wiette  
 Oan 't forskroeide Eastersân,  
 Hwêr nou de earme pylger giet  
 Riizget dré in tankjend liet.”

D' ierde leit fen nacht oerditsen  
 Twang fen skeinend skaed en dea;  
 Isrel fen syn flêsk bitritsen  
 Frege nei syn Kening nea  
 Mar syn Kening, myld fen stim  
 Siket ljeavjend-earnstich him.

's Hearen wird bliuwt ivich jilden:  
 As Syn Geast de tûn trochwaeit  
 Scil it ljochtsje oer wide fjilden,  
 Wirdt it lân mei grien biklaeid.  
 't Rypjend nôt hat segen woun  
 Niget moedswier nei de groun.

Bring Gods wird yn alle hernen,  
 Tsjinders Gods yn heger krêft.  
 Lied de blinen, bring forlernen  
 Ut de tsjustre sündegrêft  
 Troai hijar út it hûnsk fordjer  
 Nei ús âffaers hope wer.

Niigt it skaed ek oer jimm' wegen,  
 Sjucht it each gjin stipe stean,  
 God jowt op Syn tiid Syn segen  
 Op 't gelove in sillich lean.  
 Yn 'e jountiid jowt Er 't ljocht  
 Elk dy't dimmen nei Him socht.

Heit hjirboppe, o hear ús kleijen,  
 Bring de stiif fordwaelde siel  
 Ut de deadske skaedkontreijen  
 Nei Jins himelsk brilloftsmiel  
 Lit ús each de blidens sjen  
 Fen it heil oer Sions bern.

Ienkear komt Er op in wolken  
 Op Syn heilige oardielesdei,  
 Riizje o lofliet, jublje o folken  
 Strui de palmen op Syn wei.  
 En it útkarde Israël  
 Bügt him yn dy Namme del.

DO'T IT BLAU FIOELTSJE BLOEIDE.

Do't it blau fioeltsje bloeide  
 Stil en dimmen oan it paed,  
 Stienen hja by 't sêfte blombêd  
 Yn 't ljeavjend beamteskaed.  
 En hy sei dy swiete tinzen,  
 Gouden ljeafde op stille joun,  
 En hy hat det teare mûlke  
 Mear as djürste warden jown.

Do't it blau fioeltsje bloeide  
 Hemelrijk en jountiid-tear,  
 Lei de poarpren ljeafdesinne  
 Mylde blidens oer det pear.  
 Hoarens lei oer wide fjilden  
 Stjirkes wonken heech yn 't blau  
 En hy joech dy sterke warden  
 Fen de stille houlikstrou.

Do't it blau fioeltsje bloeide  
 Kaem de wylde, hirde wyn  
 En de swarte oerstjûre wolkems

Dôven gloede en himelskyn;  
't Swakke blomke foel forwylge  
Yn it slykoerteine stof,  
En syn herte skriemde tiden  
Yn it blomforheistre hôf.

---

### JOW MY....

---

Jow my hwet bliids fen blommen mei,  
Hwet miedeblomte lyts en tear,  
Hwet stjirtesprankels ljocht en klear.  
Jow my hwet stille maitiidsdei,  
Hwet bliids fen blanke blommen mei

Jow my hwet ljochts fen lieten mei.  
Hwet iepen klang fen harmonij,  
Hwet fügelsang fen poësij.  
Jow my hwet ljeafs fen boartersdei  
Hwet lichts fen ljochte lieten mei.

Jow my hwet laits fen libben mei,  
Hwet roune laits op souné wang,  
Hwet glimke oer stille willeklang.  
Jow my hwet silvrens op myn wei,  
Hwet laits fen langjend libben mei.

Jow my hwet hertetearens mei,  
In stypjend leauwe, in sielebea  
In hope-treast, in ljeafdepea,  
Jow my in each op himeldei  
Fen blomte en stjirte en rête mei.

---

### WÉMOEDSBAN.

---

Hja wier in Friezinne mei goudbloun hier  
Mei 'n each as de prieljende dei,

Mar hjar laits wie gjin lok, hwent hjar herte wier  
Yn weagjende wémoed wei,  
Hwent hy, dy't hja ljeave, yn 't kwea bitiesd  
Hie grousum de roaze yn 'e woartel kniesd,  
Al bloeide de blomme noch nei.

En do't ik hjar seach yn dy mimerjoun  
— De loft hie nei drôgjen himlein,  
't Loek sa dizich oer 't gea om ús skrouskle lea, —  
Do haw ik myn leed hjar sein:  
— Myn ljeafste wie rête yn 'e tsjustre groun —  
Do haw wy eltsoarren ús wémoed jown,  
En binne wy skriemende tein.

---

### IT LIBBENE LIET.

---

Hy joech him foar 't finster en lies yn syn boek  
Fen blommen en stjirren 't gedicht.  
Ho dronk er de sang yn as pearljende wyn  
En it herte sloech ljocht him en licht,  
En foar syn geast as de miedeblom frij  
Dounsen de bylden fen blidens foarby.

Hy moast efkes opsjen: dêr kreake de snei,  
In linige stap kaem der nei.  
In sangkle klonk heech yn 'e winterske loft  
As 't ûnthjit fen de maitiidske dei,  
En foar syn eagen sa glimkjend en frij  
Dounse det trintene fanke forby.

Syn boek liet er bliuwe, it libben spriek heech,  
Is kreazens gjin bloeijend gedicht?  
Hy tikke tsjin 't rût oan, hja knikte him ta  
Mei in laits op hjar noegjend gesicht.  
't Glimke yn twa herten: dû biste for my.  
't Libbene liet fen "de ljeafde bliuwt nij".

DE WEI FEN 'T LIET.

Opgroeid yn 'e mylde keinens  
Fen de ljochte mimerlânnen,  
Dêr't by 't simmer nôtfjild weaget  
Op de stille sefyrssigen,  
Dêr't de kij to drôgjen steane  
Mids de glêdde bûterblommen, —  
Wie hjar libben ryk en rêtstich  
Rêtstich ryk yn Him de Heare,  
Dy't Natûre goud en glâns jowt  
Mei 't ûnfhjit fen maitiidrynskens.  
Yn hjar herte bloeide 't siersel  
Fen de sêfte stille geast, dy't  
Kostlik is yn 's Hearen eagen.  
En as heit yn tinkenstounen  
Seach nei 't sjongend, rizich fanke  
Byld fen hjar, dy't hy sa ljeaf' hie  
Mar dy't al nês lange tiden  
Teach nei 't lân fen liet en libben,  
Wist er him wer ryk en lokkich  
Yn 't bisit fen hjar dy't opwoeks.

Al hjar tins en lok en jubel  
Wist se yn 't laitsjend liet to lizzen,  
Det yn 's herten dijpten opgrooit  
Lyk de swanneblom op 't wetter  
Opjowt him nei 's himels sinne.  
Yn hjar fersen laei de myldens  
Laei de tearens, laei de frommens  
Fen de wide miedefjilden,  
Dy't yn jountiids roase klearens  
Mei it dauweklaed oerwoeksen  
Hjar nei stille dodze jowe.  
Och, sa wie hjar hiele wêzen,  
Unbidoarn fen stêdske oerdwealkens  
Gyng se troch it rike libben  
Mei in eigen tins fen tearens.

Dimmen as it blank fioeltsje  
Skruten as 't forjît-my-netsje  
Hippljend as it ljurkelûdtsje  
Det nei 's himels loften stigret,  
Wie hja as in miedebломme  
Dy't him yn 'e maitiid opjowt  
As de wynske wolkemskaden  
Dounsje oer miede en finneblomte.  
Laei yn 't liet ek ljeafdelangstme,  
Lyk de blom lukt nei de sinne,  
Och dy langstme bleau bidimme,  
Stil en sterk gyng hja hjar wegen  
Inkeld fen hjar heit bigrepen.

Jong fen jierren, ryk yn witnis  
Oer de djippe heilsbiloften,  
Oer it ljocht fen 't Krus ús riizjend,  
Oer it wûndre minskelibben, —  
Wie de nije doomny kommen.  
En syn wirden stil fen frommens  
Wiernen aan de lytse keppel  
Fêste leauwers himeldauwe.  
Rêst en frede oer mëdde sielen.  
Mocht syn libben striid ek witte  
Tjin de tsjustre tsjoede twivel,  
Dôchs, yn 's Hearen krêfsten hied er  
Hâlden hwet er ienkear woun hie  
Dêr't er sterk yn 't Godsforboun stie.

Yn dy heilge jountiid, do't it  
Gealtsje song fen lok en ljeafde.  
Do't oer 't hege linebeamte  
Paradise-keinens sveve,  
Siet er yn de boerewente  
By de ryk mei 't liet bitrouden.  
't Wird gyng oer de ljochte blidens  
Fen de rykdom fen Nature,  
Ho't de God Dy't loft en wolkems

Stjûrt yn wizens, klaeit mei keinens  
Yn Syn wirk Him iepenbieret.  
En ho't dichterseagen sjugge  
En ho't dichtersherten fiele  
Fen de blankens himelhichten  
Fen de tsjoedens helledejipten  
En ho't yn de gouden lieten  
Blomte en wolk en nacht herriize;  
En ho't yn dy heger sferen  
Heger sielen hjar bisibje.

Skruten lies do't fanke 't fers foar  
Dichte op stiltmes blanke blossem,  
As de ljochte jounstjir rêtjowt  
Oan de oerdauwe slommerfjilden,  
As de súrstalbleëdtjes drôgje  
En natûre yn frede-wijng  
God oanbidt, hjarsels úntsonken.  
„Jow 't my mei, det ljochte lietsje,”  
Bea er, „'k makke faek in wyske  
By in fers fen frjeonesiele  
Lit my hjir de snare oer poene.”  
Mocht hja 't weegrje? mar hja trille  
Do't hja fen hjar sieletinzen  
Oerjoech yn in oarmanshânnen,  
Dêr't hja oars hjar lieten skruten  
For hjarsels en heit biwarre.

't Wie dy heilge simmerjountiid  
Do't de abeeljeblêdden blonken  
Wyt fen sinneblanktme oertrille  
Det er yn syn moaije keamer  
By it lûd fen 't stimmich oargel  
.t Fers op noaten brocht hjar foarson.  
Oer de toetsen dreau de finger  
Unbistimd earst, heal ûnwittend  
Ho de rjuchte toan to finen,  
Hommels do, yn rjucht bigripen

Joech er oan it wird de wize  
Song er mei in suvre fieling  
't Liet út fammeboezem riizge.

Op de tafel stiene blommen  
Yn syn kouke lûstre in knarje  
Yn 'e keamer dreau de stimming  
Fen it liet op flinterwjkken;  
En dêr stie de miedebloemme  
Lûst'jend yn 'e blanke spanning  
Fen in siel dy't skrunten opnint  
Hwet se as 't djipste en ealste sochte  
En net wis wier oait to finen.  
Yn hjar eagen wie de ljochtens  
Fen de heechste sieleblidens;  
Hwet hjar 's herten tins mei 't liet woe  
Hie ek hy trochfield, trochlibbe  
Wie by him ta noaten woeksen,  
Song er nou mei djippe stimme.

Optein kaem hja neijer, neijer  
Leunde mei hjar hân oan 't bekling  
Fen de stoel dêr deun oan sines;  
Heilge wijng yn 'e jountiid  
Stille nocth yn sieledjipten.

Dien wie 't. As in dauwepearl  
Dripte in trien oer 't blanke wang hjar.  
„Tankje”, koe hja amper útrje.  
Sels yn djipst fen 't wêzen oandien  
Doarst er nei de faem net opsjen  
Mar yn 't spegeltsje op syn spyltûch  
Mirk er hjar yn al hjar moaijens.  
Dêr, dêr stie se yn al hjar suvrens  
Wiere tankbrems, únbidoarnens  
Bern bleaun yn hjar fammejerren  
Djip fen eagen, swiet fen mûlke  
Miedebloem en — keninginne,

En yn twa pear eagen sparkle  
't Ljocht fen 't lân fen liet en ljeafde  
't Fjûr dettein út sieledijpten  
Great bisibbe sielen gearraent.

Do't er hjar nei hûs ta laette  
Hâlde hy hjar hântsje it blanke  
Sêft en hoeden as hwet hearliks,  
Seach er yn hjar each, it iepne  
En hy wiste hwer se op wachte  
En hij naem hwêrt hy nei longre.  
Do wiern' stil hjar eagen sletten  
En hjar wang wie laits en ljeafde  
Hwent mei 't liet det sielen rekket  
Wiernen siel en sinnen knotte.

---

## HJERSTLJOCHT.

---

Jy binne, Hear, yn 't flûnk'rjen fen de sinne  
Dy't as in breid oan blauwe loften stiet,  
Jy binne yn sé syn ivich rûzjend liet,  
Yn weachjes, dy't oer blanke wetters rinne.

En as yn hjerst de beammen útbloeid binne  
En 't wâld yn greate glâns to stjerren stiet,  
Den is 't Jins ljocht, det ek yn 't stjerren giet  
Oandwaenlik troch it lôgjend beamte hinne.

As ek myn paed yn giele neijierslean  
Forrint, en hjerst syn grize wolkens gean.  
Oer stoarne bloei, lit den in inkle striel  
Fen lette sinne fâlle yn myn siel,  
Lit troch myn hert, as heech genedelean,  
Den ek de ljochtglâns fen Jins hjersten gean.

de üntjowing, it selsforkrijen fen in wêzen, in ynboarst, ynboarst-krêft, dy't de minsken, it heitelân, de biweging for ivich ta seine wêze kin.

JAC. FEN HEECH.

---

## LANGSTME.

---

Lyts fanke sit to mokkrjen oer 'e flier  
Och 't is sa'n set, sa'n libbenslege dei  
It boartersgûd jowt nocht mear, noch fortier  
Hja tsjirmt sa near, och memke is hjar net nei.

Hwêr dochs dy swiete treaste wêze mei  
Dy stille laits, dy't hjar it goudenst wier ?  
„Och memkeljea, hwêrom dochs hjoed sa fier ?  
'k Hear stap nei stap, mar memke bliuwt wei !”

Dêr 's mem ! hwet lok ! rêt nei de sielefreech.  
De sinne twinkelt oer it lytse wang  
De hankes gean nei memkes earms omheech  
Mem tilt hjar sterke en sjongt in suzesang.

Sa, Jezus, giet nei Jo myn mokkrjend hert  
O, nim my dochs ; ho hat myn siel forlet !

A. WYBINGA.

printe werde om it hert fen 'e Fryske frjeonen to forkwikken mei  
de jeften, dy't God ús joech.

\* \* \*

Fijftuizen psalmboekjes, mei de catechismus derefter kostje tsjinwirdich seistuizen goune. Scille wy mei in jier in printe Frysk psalmboek hawwe, den moatte alle leden fen ús selskip skreppe. Wy moatte der goed for sizze, det wy d'r tsjen, tweintich, fyftich, hündert goune for oer hawwe; wy moatte der goed for sizze, as yen dat better past, det min fif, tsjen, tweintich ef mear psalmboekjes for yens rekken nimt. Dan hat min ris ien om wei to jaen. Allinne sà komme de psalmen út it stjelpke yn hünderten Fryske wenten. It Haedbistjür fen it Selskip hat for dizze saek de kritten Warkum en Ferwâlde aanwezen en yn 'e krite Warkum bineamd de hear B. Molenaar. De Selskipkas is net bymachte de kosten fen it printsjen to hoedsjen, en dêrom is de administraesje fen dizze saek òfsûndere fen 'e Selskipkas. Yn dit nûmer fen ús Tiidsskrift fynt men in lyst, dêr't ider selskipslid, nei't wy hoopje mei oan it wirk gean scil.

G. KAMERLING, Skriuwer.

---

## Sketskes fen Fetse Greidema.

---

SNIE.

Do bigoannen hja to rûgeljen, séftkes earst as mijen en skru-  
ten, ien foar ien, en yn 'e stiltme fen 'e neimiddei hienen hja in  
hiel skoft wirk ear't hja hjar tsjin 'e langjende ierde oanflijden,  
en do't hja de earste boaden der op úststjûrd hiene, doarsten  
hwet langer hwet mear fen hjar sisterkes út 'e blau-swiere wolkems  
nei ûnderen komme. Sa kamen de wite snieflokjes yn hiele klof-  
ten oer 'e wide fjilden, en rein en heilich wier hjar wézen. En  
rein en heilich waerd hiel de ierde biditsen, it bigoun to blin-  
kerjen op 'e tekken fen 'e stille huzen yn 'e romte, de beammen  
waerden niigjend fen swiere witens en de blankens wier tsjok oer  
'e lannen útspraet. Sa flijden de miljoenen hjar al steviger en rês-  
tiger tsjin elkoar oan. —

Ageboer stie oer 'e underdoar to stoareagjen. „Lëstich dy snie, in bytsje froast is wol moai, den is alles droech en himmel om yen hinne, mar dy snie makket it sa ing. De skiep kinne gjin iten krije, it wirdt sa min to gean, wit hwet ûngelokken der noch barre”, sa jeuzele er tsjin syn arbeider, dy't oan't foerjen wier.

„Ja boer, as der mar net wer in keppel skiep forsüpe; wit jy noch wol, ho't it nêst sjien jier om dizz' tiid gyng? Och dy earme bisten, it begreatet my noch as ik der om tink. Trije skiep forsüpt en it loperbarchje yn it einebit”.

Dizze worden hellen ek foar Ageboers eagen alderlei aeklike toanielen fen fordronken bisten, en lang en wiidweidich waerden de slimme gefallen bispritsen.

„Ja, en de loft stiet sa, der kin wol in knibbel snie komme”, mei dizze worden stapte Ageboer op 'e mûskafeale kou ta om hjar yn 't span to setten. —

Stilkes fortinnen de griisblauwe wolkems, in inkeld stjirke kipe út it omhege om to sjen hwet de wite sisterkes dêr ûnder útheve hiene en hja sparkelen fen blidens om 'e reinens fen 'e ierde. En yn 'e stiltme fen 'e nacht biskôgen tûzenen gleone fjûrachjes it sniewûnder. En de froast, ûnsjenbre broer fen 'e snieflokjes hold syn sisterkes yn wêzen. —

Noartsk en min to brûken stoepen de minsken de oare moarns troch de snie, weintsjillen makken tsjustere paden oer 'e wei, en de bern bodsen en hompten nei skoalle. Oeral hwer minsken kamen waerden it reine bismodze en ûntheilige.

Ageboers feint laei yn 'e smoute fen 'e bitebult to koerkefoljen. Hja moasten nou mar yn 'e skûrrereed, hie de boer sein, de froast koe hjar oars wol ris to pakken krije. Pats, in sniebal krekt yn 'e nekke. Hwersanne wei? Net ien to sjen. Wer ien, de pet ôf. Ris sjen, dêr fordwoun krekt it laitsjende gesicht fen bûrmans Rinske om 'e hoeke fen it heablok. „Wacht ik scil dy!” ringen stau Lolke oerein, mar in hege laits yn 'e fjûrherne der njonken joech him weet det de fügel for dizz' kear ûntkomd wier. Hy koe him wer nei 't wirk sette.

In heal ûrke letter rûgele him wer in hâfol snie by de nekke yn, mar der nou op fortocht, sloech er krekt om 'e hoeke fen 't heablok syn earm om Rinske hinne. „Nou dû” en hy grypte in hantsjefol snie. Mar hja skoerde hjar los. „Mis hear”.

„Ik scil der dy wol ris wer for krije. Ast jou om boadskippen moaste, scille wy wol ofrekkenje. —

Do't de bern út 'e skoalle kamen, wierne hja aerdich ta de kjeld biwend. De iene sniebal nei de oare snûrre troch de loft, en de petsjes en jaskes seagen skierwitich fen 'e tokniesde snieballen. En paedtsjeglide en slydjeije, det de wankjes read seagen fen 'e waermens tsjin 'e kjeld yn. Sa glêd as sjippe waerd de wei en Rinske hjar heldere laits gyng heech yn 'e ile jounloft do't Ageboer op 'e hannen en foetten yn 'e barm fen 'e wei tolânne kaem.

Read en oranje stie de ljochte jounloft, do't Rinske mei in fleurich sin oer 'e kreakjende snie stoep. 't Scoe wol froast bliuwe, hie heit sein, en foar hjar each spoun de iiswille de nochfolle tafrielen fen mei kammeraetskes ef ja mei hwa wit ... de baen lâns to striken. Der wier in liet yn hjar herte en sêftkes sjongend pandere hja de wei lâns nei de bûrren ta. Dêr om 'e hoeke kaem ek yet ien oanwanneljen.

„Lolke, noch sa let op 'n baen, hwet scil Ageboer sizze”, pleage se.

„Ja mar dû witst wol”.

„Hwet scoe ik witte?” mar mei him in bytsje ûntwike to wollen, kaem hja krekt yn 'e skeante op in jonges glydbaentsje en... dêr skuile hja hinne.

Mar Lolke hie syn earm al om hjar hinne slein en wist hjar op 'e foetten to hâlden. „Nou bitelje” lûstere er, „k haw 't nou dûbeld fortsjinne”.

Heech yn it blauwe wier de sparkel fen 'e silvren stjirren en oer 'e fjilden de blankens fen 'e reine snie. En heech as de gloed fen 'e silvren stjirren blonk it fammene each fen 'e waerme ljeafde en blank wier dat holke as de reine snie.

Ivich bliuwt Gods ljeafde yn stân;  
 Libbens lêst is swier to dragen  
 Mar syn sêfte treastershân  
 Stipet ús lâns wei en dagen;  
 En yn neare twivelnacht  
 Hâldt Syn golle ljeafde wacht.

Ivich bliuwt Gods ljeafde yn stân;  
 Yn ús polsket wyld bigearen  
 Mar Syn ljeafde- en iverbân  
 Bliuwt by steat dy stoarm to kearen;  
 As Gods Geast de brânning dwêst  
 Fynt it hymjend herte rêst.

Ivich bliuwt Gods ljeafde yn stân  
 O, wy fâlle yn felle sünden,  
 Mar Hy nimt ús by de hân,  
 Hielet hjitte en koarts en wounen,  
 Jowt ús skildforjaend wer moed  
 Himelkrêft en libbensgloed.

Ivich bliuwt Gods ljeafde yn stân  
 Ho't ek wylde winen bylje  
 Oer it ierdske ûnljîch lân;  
 Grien en keine blommen wylje;  
 Ringen bringt út lêst en krûs  
 Hy syn teare bernstjes thûs.

'k Priizje lûd Syn ljeafdemacht  
 Sterke en iivge sûndaersminne;  
 Op dy ljeafde scil gjin nacht  
 Ho fol dize en wolkems 't winne.  
 'k Reizgje bliid nei better strân  
 Ivich bliuwt Gods ljeafde yn stân.

A. WYBENGA.